



**Gjin Bern ha wolle,
mar wol krije**
(Baby wider willen)

In klucht fan:

BERND GOMBOLD

Fryske Oersetting:

GURBE DIJKSTRA

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **GJIN BERN HA WOLLE, MAR WOL KRIJGE – BABY WIDER WILLEN** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **BERND GOMBOLD, vertaler Gurbe Dijkstra** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 1984 © by Bernd Gombold

Copyright Frisian translation: 2008 by Bernd Gombold

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

Telefoon (03)3.66.44.00,

E-mail: bestellen@toneelfonds.be en Website: www.toneelfonds.be.

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

TITUS - boargemaster fol ambysje fan in lytse gemeente yn Fryslân, ien fan it soarte rûge bolster, blanke pit.

ELS - syn frou, is beskieden en fan goede wil, hat gjin pretinsjes.

MEM - de mem fan Titus, in astant wiif, dy't mar ien ding foar eagen hat: de karriêre fan har soan, dy't neffens har foar wat hegers yn de widze lein is as it simpele amt fan boargemaster fan sa'n lytse gemeente.

AFKE - sekretaresse fan Titus, in floatige aardige faam, is sa foar en nei ek wol by it privee - libben fan de famylje belutsen.

BEREND - gemeente-arbeider, strijfeier, ien fan it luie soarte, gappet oan ien tried wei en is leaver lui as wurch, hy hinget it leafst op de stôk fan de biezem, mar hy wit wol wêr't Abraham de moster hellet.

KOERT - swalker fan berop, dat is ek dúdlik te sjen, beslist gjin domme jonge mar in earste klasse skelm, hat it hert op it goede plak sitten.

BOS - haad fan plysje, in man dy't himsels en syn berop hiel serieuus nimt.

SIEN - in net te ferbetterjen ferfelend wiif, dy't op alles en elkenien wat oan te merken hat, in folsleine ferskrikking, praat as in automatysk gewear.

DEKOR: links en rjochts út de seal wei sjoen. Tuskeentiids is gjin dekor - wiksel noadich.

It stik spilet yn de wurkkeamer fan de boargemaster. It wenhûs fan de boargemaster sit oan it gemeentehûs fêst. Oan de linkerkant sit in doar nei de wenkeamer fan de boargemaster. Rjochts in doar nei de keamer fan mem. Yn de achterwand in doar nei bûten. Ergens sit in rût dat iepen kin. Der stiet in wat grutter buro, foar de boargemaster fansels, en in wat lytser foar Afke. By beide stiet in stoel en op de buro's lizze dingen dy't op in buro thúshearre, sa as in telefoan. Der steane in pear kasten mei dossiers en sa. At de romte it talit noch in sitsje foar besikers. Ergens moat in papierkoer stean dy't sichtber is foar it publyk, en der moat der in sierkessen foarhannen wêze. Der hingje fansels foto's fan de keninklike famylje, in plattegrûn fan de gemeente, ensafuorthinne. Fierder nei eigen goedtinken ynfolje.

EARSTE BEDRIUW

AFKE: *(sit te wurkjen oan har buro, der stiet in kanne kofje, molke en sûker, kopkes en pantsjes, ûnder hânberik. De telefoan giet en Afke nimt op)* Gemeentehûs, goeie moarn... It spyt my foar jo, menear, mar dat kin op dit stuit net. Hy sit yn in belangrike besprekking. Besykje it letter noch es... Ja hear, oant dan. *(hinget op, fleurich)* Belangrike besprekking! Hy leit op bêd te stjonken! Sûnt syn frou nei dat kueroarde is, wol it nachts noch wol es let wurde. Mar sa kin ik teminsten lekker trochwurkje. *(der wurdt op de doar kloppe)* Wat sei ik? *(ropt)* Kom der mar yn!

KOERT: *(komt op troch de bûtendoar, sjocht der ûngedien út, hat in bernewein by him, syn hiele besit sleept er dêryn mei)* Gean mei jo soargen nei Koert fan der Mear, it kostet net folle en it docht ek net sear! Goeie! Is de kust feilich?

AFKE: *(fernovere)* Koert, do? Ik ha dy al yn gjin tiden sjoen! Kom der mar yn, ik bin allinne! En, wat dochst hjir? O wee, atsto der bist, gebeurt der altyd wol it ien of oar!

KOERT: Ha, do witst it! Kom by Koert en wachtsje net langer, fan hjoed op moarn binne jo swanger! Ik bin wisser as de oaiefaar! *(biedt har syn heupflesse oan)* Wolst in slokje, of bist faaks al yn ferwachting?

AFKE: Leave sei, nee. Yn 't foarste plak soe ik net witte fan wa, en twad koe ik it hjir dan wol ferjitte. De generaal, *(doelt op de doar rjochts)* de leave mem fan ús boargemaster, hat it net op bern. Dy remje ús karriêre ôf, seit se. Dêrom slacht se ek gjin gelegenheid oer om dúdlik te meitsjen dat har soan Titus in ûngelokje wie, wêrtroch't sy net oan har karriêre wurkje koe. *(bout har mei spot nei)* "Oars hie ik it minstens like fier skopt as Annemarie Jorritsma." En dat har soan it net fierder brocht hat as boargemaster fan dit gat, sit har lang net lekker.

KOERT: En syn frou? Ek noch net yn ferwachting?

AFKE: Man, wat tinkst wol net wat dy âld draak sizze soe, at har skoandochter mei in bern oansetten kaam? *(bout har mei spot nei)* "Titus is foar wat hegers yn 'e widze lein as achter in bernewein te rinnen!" En dat seit se sa faak, dat har soan yntusken sels leaut, dat er neat fan bern ha moat. En dat wylst syn frou der bêst wol ien ha woe. Mar eh, hast ek sin oan kofje?

KOERT: Ja, lekker! *(hâldt in âld beker klear dy't mei in eintsje tou oan*

de bernewein fêstsit. Hy wiist op syn heupflesse) De smaakmakker doch ik der sels wol by.

AFKE: Ajakkes! En dan út sa'n beker! Dy is net iens omspield. Wolst net in skjin kopke?

KOERT: Ik drink al tweintich jier út dizze beker en hy hat my noch nooit yn de steek litten. En alkohol is goed tsjin de wjirmen. *(Afke hâldt de kofjekanne klear en skinkt yn)* En, wêr bin se no? Ik bedoel de boargemaster en de frou?

AFKE: Hy leit noch te snoarkjen. Syn frou is in skoftsje nei sa'n kueroarde. Dêrom kin er syn draai net fine en wol it nachts noch wol es let wurde. En frou Jorritsma ha ik hjoed ek noch net sjoen. Mar se sil sa as altyd wol in ôfspraak ha by de kapper, de pedikuere of wit ik it wat noch mear. It is in grutte jildfergriemerij, mar se tinkt noch altyd dat se de moaiste frou fan de wrâld is. Sels hat se net yn de gaten dat se der bespotlik bij rint. Mar sis es, hoe lang bist fan doel te bliuwen?

KOERT: Salang at it my befalt. Do witst dat ik in trekfûgel bin. Mar at ik ergens bin, genietsje ik der ek folop fan. En ik moat earlik sizze, sa gastfrij as by dy, is 't net oeral.

AFKE: Dat sprekt foar himsels. Do hast my doe ek holpen doe't dy fiislak him oan my fergripe woe. Dêr bliuw ik dy ivich tankber foar. En ik sil soargje datst in pear miel waarm iten krijst.

KOERT: En atst my noch wat út de wynkelder fan de famylje besoargje kinst, sil ik dat net ôfslaan. *(steckt yn earsten ien, dan twa fingers yn de hichte, mar it wurde al gau fiif en sels tsien fingers.)* Twa of trije fleskes misse se doch net.

AFKE: Ik sil sjen wat ik dwaan kin.

MEM: *(brûst as in slachskip har keamer út)* Ajakkes, it stjonkt hjir! *(sjocht mispriizgjend nei Koert en docht it rût iepen)* Gjin wûnder! Binne we hjir yn 't gemeentehûs of sitte we yn in opfangsintrum foar mislearre skjirreslipers? Freeslik!

KOERT: *(bûcht)* Myn heechachting, mefrou mem fan de boargemaster. Mei ik jo faaks in slokje út myn beker oanbiede?

MEM: Nee, tanke, ik bin sa al mislik genôch! Ha jo dy beker soms yn in kontener fûn, lykas al dat oare wat jo by jo ha?

KOERT: *(besjocht de beker)* Och, hy is allinne mar in bytsje skurf, lykas jo. Ha se jo noch op tiid út de kontener helle of leine jo al op de kompostheap?

MEM: (*poerlik*) Moat ik my hjir troch sa'n swalker misledigje litte? Ik, de mem fan de boargemaster?

KOERT: Swalker? Jo moasten doch better witte! Myn offisjele titel is, (*plechtich*) Koert de Earste, Kening fan provinsjale en gemeentlike diken. Mar ik ha it leafst dat jo my mei Majesteit oansprekke. (*stekt har de hân ta foar in hântútsje*)

MEM: (*skuort de doar links iepen en ropt*) Titus, kom hjir es! Ik wol datst dy man derút goaist. Dat wurkskouwe elemint hat my misledige... Titus...! (*tsjin Afke*) Is hy der net?

AFKE: Jawol, mar hy sliapt noch. Hy is fannacht eh... ik bedoel, hy is justerjûn nei in fergadering west en dat is nochal let wurden.

MEM: (*ergere*) Noch op bêd? It is ferdoarje healwei alven! Mar ik sil 'm wol even helpe! Belje jo yntiid de kapper even en sis dat ik wat letter kom!

KOERT: Jo kinne better in stukadoar bestelle. Dat berchlânskip op jo holle hat mear ferlet fan in amer gips.

MEM: (*iiskâld*) At ik werom kom ha jo, grutte neatnut, dit hûs ferlitten! (*ferachtlik*) Wa wit watfoar ûngedierte en sykten sa'n as jo yn 'e hûs bringt! (*links ôf, gebiedend*) Titus!!

AFKE: Bravo, Koert, dy hat har fet krigen! (*kiest in nûmer op de telefoan*) Mar ik sil earst even de kapper belje... Hoi Miranda, mei Afke. Sis, ik moast even sizze dat de âld stoomtrein tsien minuten letter komt foar restauraasje... (*laket*) Ik fiel mei dy mei. Oant letter, doe. (*hinget op*)

KOERT: Sa, no sil ik earst mar es nei it stasjon. Mei de trein fan alve oere komme faaks wol wat reizgers oan dy't in pear euro opsmite. (*hellet in stik karton mei opskrift út de bernewein*) Hjoed sil ik it mar es besykje mei (*lêst*) "Werk en dakloos! Iets voor de ergste honger alstublieft!". Dat docht it altyd wol, hihhi. Wolsto salang op myn Mercedes passe? Oant aansen. (*ôf troch de bûtendoar*)

AFKE: Eins sûnde fan sa'n man. In goede fint en noch in goed ferstân ek. Mar doe't syn frou en bern ferûngelokken, is hy it paad bjuster rekke. En dan springt sy sa mei sa'n earme donder om. Hy hat yntiid tsien kear safolle meimakke as sy.

BEREND: (*op troch de bûtendoar, hat in biezem en in jiskepûde by him, feilichheidsklean oan sa't je dat hjoed de dei sjogge by in strijffeier, gappet oan ien tried wei, beweecht sleau en praat ek*)

sa) Ha, Afke, slagget it wat?

AFKE: Berend, do al wer? In heal oere lyn wiest hjir ek al. Wat moastst no wer?

BEREND: (*leunt op de biezem*) Even op ferhaal komme, wat oars? Dat feien wurde je hartstikke wurch fan. Dêr wurde je sáááá wurch fan! Is de baas der net?

AFKE: Hasto de hiele moarn wurk om dy pear meter trottoir hjir foar te feien? Lit Zijlstra dat mar net hearre.

BEREND: Hee sis, oer dat wurk moastst net te licht tinke! Je feie en feie en feie mar, en at je dan wat by elkoar fage ha en je geane der even by sitten om wat te bekommen, dan komt der in auto del en (*makket in stadige beweging mei de holle*) zoeffff... dan kinst wer opnij begjinne. Dat giet al de hiele moarn sa. Je soene alle wille yn je wurk ferlieze op sa'n manier.

AFKE: Dan setst de dyk ommers even ôf mei in pear buorden, dan bist yn fiif minuten klear.

BEREND: (*ferûngelike*) Fiif minuten? Sa fluch giet dat net hear! Boppedat kleie de minsken dan dat de dyk salang ôfsletten is. En dan seit Zijlstra op syn beurt dat ik hurder wurkje moat en dan bin we wer by 't begjin. Hy hat gewoan gjin begryp foar myn problemen. (*gappet*) Hast ek in kop kofje foar my?

AFKE: (*skodhollet*) It is alle dagen itselde. Niis krekt hast ek al kofje hân.

BEREND: Wit ik. Mar at ik no noch ien nim, dan is 't sa oan 't middeisskoft ta. (*hellet in wekkerke út de bûse*) Sjochst wol, it is hast healwei alven en it hat dus gjin sin mear om oan wat nijs te begjinnen. Ik sil dy sizze, de tiid fljocht foarby en je komme hast nergens mear oan ta. Mar eh, wêr bliuwt de grutte baas no? Ik ha net folle tiid mear oant it middeisskoft.

AFKE: Wat moatsto sa ynienen mei Zijlstra? Oars besikest him ek safolle mooglik te mijen.

BEREND: Koartlyn hat er tsjin my sein dat er wol es sjen woe wat ik sa'n dei allegear die, en oft ik überhaupt wol wat die.

AFKE: No ja, in soad kin 't yn elk gefal net wêze.

BEREND: O nee? Sil ik it dy dan es bewize?

AFKE: (*skeptysk*) Ik soe it earlik sein wol es sjen wolle, ja.

BEREND: (*leget de jiskepûde op de flier*) Asjebleaf! Allegear op ien

moarn by elkoar fage. Dêr stiest doch wol even fan te sjen, of net?

AFKE: (*ferstuivere*) Hee sis, bisto wol goed by de holle?

BEREND: Ja ja, dat tink iksels ek wol es. Ik soe it ek wol wat kalmer oan dwaan kinne foar dat hongerleantsje wat ik krij. Mar at Zijlstra dit allegear lizzen sjocht, krij ik grif opslach!

AFKE: Man, atsto se allegear op in rychje hast, fret ik dyn biezem op!

TITUS: (*komt op fan links, yn ûnderguod, de klean ûnder de earm, sjocht ferwyldere, opjage troch mem, yrritearre*) Ja ja, mem, it is al goed! Do sjochst doch dat ik wekker bin! Do hoechst... (*botst by de bernewein op en komt yn de bulte ôffal telâne*) Gloeiende, gloeiende, wat moat dy rotsoai hjir?

BEREND: Sjogge jo wol, Zijlstra! Dat is net neat hin? Dat ha ik allegear op ien moarn by elkoar fage. At dat gjin leansferheging wurdich is, dan wit ik it ek net mear!

TITUS: (*krabbelet oerein, liik*) Witsto watst fan my krije kinst? Achterlike biezemferkrachter!

MEM: De boargemaster op de jiskebult, bravo! Dat komt der no fan! Om kertier foar alven noch op 't nêst lizze, wylst je in foarbyld foar de oaren wêze moatte! Gjin wûnder datst sok personiel hast! (*ferachtlik*) Dêr meist grutsk op wêze! De iene ûnderhâld swalkers en de oare hinget himsels in hernia op de biezemstôk! Neamsto dat arbeidsmoraal?

TITUS: Asjebileaft mem, doch even tuike oan en raas net sa, want ik fergean fan de pineholle! Ik ha ferdoarje de hiele nacht mei dat nijbouplan lein te wrakseljen! En wat moat dy smoarge bernewein hjir? (*jout de bernewein in traap*) Wat moat dat âld sweal hjir midden yn myn kantoar? Bin we hjir soms op it stoart?

MEM: Atsto op in normale tiid fan 't bêd komme soest, en hjir op normale wurktiden oanwêzich wiest, dan soene dyn ûndergeskikten gjin loopke mei dy nimme! Mar menear hinget leaver de hiele nacht yn de kroech om! Do rûkst der teminsten noch hielendal nei! En soest dy no einlings net es oanklaaie?

TITUS: (*lûkt syn boesgroen oan*) Diskusjes ha we hân, oant djip yn de nacht! Tsjonge, wat wie ik wurch nei dy fergadering!

MEM: Om healwei fiven fan 'e moarn wie 't hjir bûten in leven as in oardiel! Skammesto dy net? Mar goed dat gjinien dat heard hat!

TITUS: Ik wie de kaai fan de foardoar ferle... eh fergetten, en doe bin

ik mar troch it rût klommen. En eh, no ja, dat gong net hielendal sûnder lawaai.

BEREND: Wat in tafal sis, dy kaai ha ik fûn, hjirfoar op 'e dyk, flakby jo strik. (*hellet beide foar 't ljocht*) Dy moatte jo kwyttrekke wêze doe't jo dy knakwoarst mei mayonêze útspuiden. Mar dat ha de katten al opfretten, oars hie ik it yn de biezem krigen. Dan wie 'k noch letter wurden.

TITUS: (*skuort him de strik en de kaai út de hannen*) Unnoazele sek! Meitsje datst hjirwei komst!

BEREND: Is dat jo tank foar dat ik sa goed op je guod past ha? O ja, dy leansferheging, dêr kom ik noch op werom, mar dat wurdt net earder as nei 't skoft. (*of troch de bûtendoar*)

TITUS: (*achter him oan, noch yn de ûnderbroek, troch de doar*) Hee, luie bliksem, wolst earst dy troep hjir wol es even opromje... eh, hallo, Bos! (*komt deryn mei Bos*) Jo bin der ek betiid by hjoed!

BOS: (*ferheard*) Betiid? Jo meitsje in grapke tink? (*besjocht him fan ûnder oant boppe*) Ik eh, ik kom in bytsje ûngelegen, seker? Wy soene ommers tegearre nei dy iepening. Mar at jo eh...

TITUS: Wachtsje even, ik soe my krekt oanklaaie.

BOS: (*wiist*) En wat moat dy bult rotsoai hjir?

TITUS: Dat eh, dat wie in soarte eh, in soarte fan demonstraasje sis mar. Ik woe Berend es dúdlik sjen litte wat echt ôffal is en wat net. Je moatte hjoed de dei hiel alert wêze op sokke dingen.

BOS: (*skeptysk*) Aha. (*sjocht Titus betinklik en freegjend oan*)

TITUS: Ach, jo freegje jo fansels ôf wêrom 't ik hjir sa omrin? Dat komt omdat ik him sjen litten ha, dat klean net by it ôffal hearre, mar as restôffal yn de kleankontener moatte. En dêrom ha ik de broek even, as ferdúdliking... Jo wolle it net leauwe, mar dy meiwurkers fan tsjintwurdich moatte je alles foarkôgje.

BOS: (*skeptysk*) O sa. (*hat al earder rûkt, rûkt no noch es*) Jo dogge der better oan, Zijlstra, om hjoed net achter it stjoer te stappen. En eh, dan komme jo sels wol nei de iepening, no? (*skodholjend ôf troch de bûtendoar*)

TITUS: (*klaut him op 'e kop*) Wat foar iepening bedoelt er?

MEM: No hast echt in modderfiguer slein. Wat moat sa'n man wol net tinke?

TITUS: Dat is syn saak. Moat hy der hjir samar net ynbrûze. Ik mei

hji omrinne sa't iksels wol! Afke, helje even in aspiryntsje, de kop stiet my op barsten! (*Afke giet links ôf, hy gappet*) En bin ik sa wurch as in maits!

MEM: Dan hast pech, want do silst aansen monter en fit wêze moatte. Om alve oere is de iepening fan it nije gebou fan de pingpong - feriening en do meist it lintsje trochknippe. Of bist dat alwer fergetten? Dêrom kaam Bos hjir ek, om dy op te heljen!

TITUS: (*klaait him fierder oan*) Om alve oere? Dat bin 'k glêd fergetten. En ho, wachtsje even, dat kin hielendal net. Om alve oere moat ik Els fan de trein helje. Dy komt hjoed wer thús fan dat kueroarde!

MEM: Welja, hie 'k it net tocht! Dyn frou giet fansels wer foar! Stel dy es op as in ambisjeuze boargemaster, en net as de sullige en folchsume echtgenoat. Altyd mar wer giet de frou foar it wurk! Hoe faak ha ik dy net sein datst frijgesel bliuwe moast?! Mar nei my woest net harkje! Wy hiene allang yn in grutte stêd sitte kinnen, mar we hokje hjir noch altyd yn dat gat om! In skande is 't!

TITUS: Mem, sa praat je net oer my en myn frou!

MEM: It giet hjir net om dy of dyn frou, mar om dyn karriêre! Atst dizze iepening sjitte litst, stiet moarn dy loko-boargemaster wer yn de krante mei syn bargekop. Of tinkst soms dat dat goed is foar dyn promoasje?

TITUS: (*kiezzich*) Ja ja, do hast fansels gelyk. Dan gean ik wol nei dy iepening en dan hellesto Els mar fan de trein.

MEM: Ik? Dat leaust doch seker sels net! Ik ha in ôfspraak by de kapper. Ik hie der al wêze moatten. Dan wachtet Els mar oant de iepening achter de rêch is. Ik wol yn elk gefal dy troanje fan dy loko net wer yn de krante sjen, begrepen? En no sil ik wat oan myn gesicht dwaan litte. (*ôf troch de bûtendoar*)

TITUS: (*wrantelich*) Dat alles no ek wer tagelyk komme moat!

AFKE: (*op fan links mei in glês wetter en in aspiryntsje*) Sa te hearren is it fannacht wer let, of better sein, betiid wurden, netwier Zijlstra?

TITUS: (*nimt it aspiryntsje yn en drinkt it wetter op*) Ja, dat meist wol sizze. En ik kin alles ha hjoed, at it mar gjin ergernis is! En sis, soesto net es even nei dy binde yn de keuken sjen kinne? Sadat myn frou at se thúskomt net fuort in hertferlamming krijt?

AFKE: Ach ja, dat is wier ek, jo frou komt hjoed wer thús!

TITUS: (*syn rie tenein*) En hoe moat dat oare no wer? Dy iepening fan dat pingponglokaal is my folslein ûntsketten!

AFKE: Ach, dat spilet no gjin rol wol? Jo frou is op dit stuit folle belangriker!

TITUS: Krekt net! Us mem hat gelyk! De minsken moatte **my** moarn op de foto sjen en net de loko-boargemaster. **My** moatte se by alle belangrike gebeurtenissen sjen en net myn plakferfanger!

AFKE: En de iepening fan dat pingponglokaal is in belangrike gebeurtenis? Bespotlik!

TITUS: Dat is net bespotlik, mar polityk neffens it boekje. Dat begrypsto net. Sis yn elk gefal tsjin Berend dat er myn frou fan de trein hellet mei de trekker, dan kinsto de boel yn de keuken opromje. O ja, en soargje der ek foar (*wiist op de rommel út de jiskepûde*) dat dy rotsoai hjirwei komt!

AFKE: Ja ja, mar eh, kin ik net better jo frou fan 't stasjon helje?

TITUS: Do? Wêrom? Lit dy luie bliksem dat mar dwaan. Dy stiet doch de hiele dei gatten yn de loft te sjen!

AFKE: Tinke jo werklik dat hy de geskikte persoan is om as ûntfangstkomitee te tsjinjen foar jo frou? At ik fjouwer wike fan hûs west wie, soe ik wolle dat myn man my op stie te wachtsjen mei in grut bosk blommen, en net de earste de bêste gemeente-arbeider mei in trekker.

TITUS: Afke, at belangrike politike gebeurtenissen myn oanwêzigens needsaaklik meitsje, dan is it myn plicht soksoarte sentimintele uteringen oan de kant te skowen. En sis tsjin Berend dat er avensearje moat, want se komt mei de trein fan alve oere!

AFKE: No goed, at jo it sa wolle. Mar Koert is ek by it stasjon en jo witte, altyd at hy der is gebeurt der wol it ien of oar. Dus, it is op jo eigen ferantwurdling. (*ôf troch de bûtendoar, ropt*) Berend, do moatst nei it stasjon, en der is haast by want...


TITUS: Dêrom stiet dy bernewein hjir. Man, allegear bygeloof! Bakerpraatsjes! Yn ien wurd bespotlik. (*docht de strik foar, oefent yntiid syn taspraak*) Bêste oanwêzigen. De iepening fan dit nije pingponglokaal is in belangrike dei foar it ferieningslibben. (*tinkt even nei*) Of miskien kin ik better sizze: mei dit pingponglokaal is ús gemeente in belangryk gebou riker. De pingpongsport... (*de telefoan giet, hy nimt op*) Pingpongferien... eh, mei Zijlstra... Ha,

Els, do bist it... ik kin dy hast net ferstean, der sit wat rûs op dyn mobyltsje... o sa, do bellest út de trein... Nee sis, ik kin dy spitigernôch sels net ophelje... wel nee, dy koffers hoechst net oer yn te sitten. Ik stjoer Berend, dy sil dy dêr wol mei helpe... Begryp it doch, Els, ik kin sels net komme, de polityk giet no ien kear foar... Wit ik, mar mem hat sein, dat ik by de iepening fan... Els? Do hoechst dy fuort net sa op te winnen... Els? (*leit de hoarn de!*) Ophongen! Gjin grevel gefoel foar de situaasje. Froulju!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto